



  
DE FRYSKE MARREN

# Koälysje-akkoart

De takomst temjitte



# Lêswizer

## Navigearje yn dit stik

Jo kinne dit dokumint it bêste besjen troch te klikken op knoppen, pylken en/of (hyper)links. Dus net troch te 'swipen' troch it stik. De navigaasjeside (homepage) jout goed oan hoe't dit stik opboud is.

Op alle siden kinne jo navigearje ûnderoan jo skerm mei it navigaasjeblok→



Troch it stik hinne kinne jo ek gebrûk meitsje fan oare wizen fan navigearjen troch wurdlinks, knoppen en pylken, sa as ↓

 **direkt nei de navigaasje side**



## Dit stik is test

Dit stik is mei in protte krektens makke en wiidweidich test yn ferskillende apps op in apple iPad Air. Hjirneft sjogge jo in koart oersjoch fan apps weryn it stik yn elts gefal wurket. As jo dochs problemen ûnderfine mei it lêzen en navigearjen yn dit stik, dan kinne jo it op in desktopkompjûter iepenje. Yn Adobe Acrobat Reader, op in desktop-kompjûter, wurket it dokumint goed en ek yn ferskate ynternetbrowsers op in kompjûter is dit stik test.

 **Ynliding en lêswizer**

 **Wy dogge it mei-inoar!**

 **Sá sjogge wy De Fryske Marren**

 **Us oanpak**

 **De programs**

 **Taheakken**

**Mei dizze 'paadwizer' kinne jo yn it hiele stik fuort nei de neamde haadstikken klikke.**

 **direkt nei de navigaasje side**

**Yn dizze app's is it stik test en wurket it goed:**



PDF Reader



Dropbox



iBooks



# Ynliding en lêswizer

Op woansdei 20 febrewaris lêstlyn kaam der in ein oan de koälysje fan CDA, FNP en VVD yn De Fryske Marren. Nei in flotte ynformaasjefase, ûnder lieding fan ynformateur Roelof Bos, hawwe CDA, VVD, PvdA en GrienLinks fan mids maart ôf wurke oan in nij koälysje-akkoart. De hear Aucke fan der Werff waard as formateur ynset.

It formaasjeproses hat resultearre yn in koälysje-akkoart foar it tiidrek 2019-2022. Wy hawwe it foar jimme lizzende akkoart de namme 'De takomst temjitte' meijûn. Dêrmei wolle wy benammen de klam derop lizze dat wy rjochte op de takomst en mei ambysje oan 'e slach wolle yn gemeente De Fryske Marren.

Dit akkoart is in akkoart op haadlinen, mei eigen útgongspunten foar alle tema's en mei romte om as rie kaders te stellen. It is sadwaande gjin 'tichttimere' akkoart. Tegearre mei de rie en de organisaasje wolle we de tema's fierder útwurkje. Fansels foarmet dêrby de riedsaginda in wêzentlik ûnderdiel fan it koälysje-akkoart.



## Wy dogge it mei-inoar!



Ynliding en lêswizer

Wy dogge it mei-inoar!

Sá sjogge wy De Fryske Marren

Us oanpak

De programs

Taheakken

### Dit koälysje-akkoart is as hjirûnder omskreaun opboud

Haadstik 2 giet yn op it mei-inoar bestjoeren fan De Fryske Marren.

Haadstik 3 giet oer hoe't wy as koälysje ús gemeente De Fryske Marren sjogge.

De tema's en útgongspunten dy't foar ús wichtich binne, komme op 't aljemint yn haadstik 4. Dêrby folgje we de yndieling fan de programbegrutting.

De portefúljeferdieling en de riedsaginda 2018-2022 hawwe we as taheakken tafoege.

De takomst temjitte

# Navigaasje side

Klik op it haadstik fan jo kar.

Ynlieding en lêswizer

Wy dogge it mei-inoar!

Sá sjogge wy De Fryske Marren

Us oanpak

De programs

Taheakken



# Wy dogge it mei-inoar!

Wy binne CDA, VVD, PvdA en GrienLinks fan De Fryske Marren. In brede, kleurrike koälysje, dy't benammen foarút sjen wol. In koälysje fan minsken, foar minsken, tusken de minsken.

Wy kinne it net allinnich: wy hawwe inoar nedich. Dêrom freegje wy eltsenien om mei ús mei te tinken oer it noch better meitsjen fan De Fryske Marren. Wy hechtsje in protte wearde oan de wize wêrop't wy mei-inoar omgeane. Dat betsjut dat eltsenien meidocht, dat wy inoar stimulearje en nei inoar harkje. Wy steane dêrby midden yn 'e maatskippij.

## Mei de maatskippij

Goede ideeën en plannen ûntsteane yn de hollen fan minsken: oeral yn 'e maatskippij, faker bûten dan binnen de polityk en de amtlike organisaasje. Dêrom is it foar ús sa wichtich om nei de minsken te harkjen,

om kreätive ideeën te stimulearjen en om bûten it eigen fermidden te kommunisearjen. Wy sykje ús ynwenners en bedriuwen sadwaande op, mar binne foar harren ek goed te finen. Wy binne sichtber en tagonklik.

Wy dogge graach mei oan inisjativen dy't út 'e maatskippij wei komme. En foardat de gemeente sels plannen útwurket, helje wy earst út de maatskippij op wat minsken wichtich fine.

Wy kinne it net altiten eltsenien nei 't sin meitsje. Betiden giet bygelyks it algemien belang foar yndividueel belang. Hoe dan ek: wy fertelle altiten wat we besletten hawwe en wêrom.



Ynliding en lêswizer

Wy dogge it mei-inoar!

Sá sjogge wy De Fryske Marren

Us oanpak

De programs

Taheakken



## Mei-inoar

Wy wurkje oan it betrouwen fan ynweners yn it bestjoer, mar ek oan it ûnderlinge betrouwen binnen it bestjoer. Want allinnich as we inoar fertrouwe, komme we fierder.

- Wy meitsje ôfspraken oer wichtige tema's. Guon punten binne werkenber, om't we se by de ferkiezings tasein hawwe. Net alles, want polityk is neat oars as it sluten fan kompromissen.
- De unanym fêststelde riedsagenda is ûnderdiel fan dit koälysje-akkoart. Dêryn hat de rie prioriteiten steld.
- 

- It kolleezje leit de rie goed útwurke útstellen foar, mei karmoglikheden en ynformaasje oer it folge trajekt.
- Ideeën en plannen, amendeminten en moasjes beoardielje we altiten op ynhâld. It makket ús net út wa't de stjoerder is.
- Wy wolle in koälysje wêze fan it petear. It Petear is in wichtich momint om mei de oanbelangjende ynweners en inisjatyfnimmers yn petear te gean.
- Dit koälysje-akkoart is ús kompas. Wa't dêrfan ôfwike wol, bepraat dat earst mei de oare leden. Dêrby hawwe we altiten de wil om der mei-inoar út te kommen.



## fraksjefoarsitters:



*Jan van Zanden,*



*Olaf Storms,*



*Wietze de Haan,*



*Anne Mercur*

Koart en goed: wy geane oan 'e slach. Mei nij elan en nije ambysje, mar ek mei humor, moed, iepenens en fertrouwen.



# Sá sjogge wy De Fryske Marren

Mear as 51.000 minsken, withoe folle marren, 361,83 km<sup>2</sup> fêstelân, goed 5.000 bedriuwen, 50 doarpen en in stêd: mei-inoar binne we De Fryske Marren. As gemeentlike oerheid binne wy ûnderdiel fan dat prachtige gehiel. In gebiet en maatskippij dêr't we de kwaliteiten fan koesterje wolle en wêr mooglik útbouwe wolle. Want kwaliteiten en mooglikheden binne der mear as genôch.

## Romte en ferskaat

Wy sjogge - letterlik en figuerlik - folop romte. Om te ûndernimmen, te wenjen, te wurkjen en om te rekreëarjen. Yn in lânskip dat barst fan it ferskaat. Wêr fynt men ommers yn ien gemeente iepen greidelânskip, bosken, kusten, tsientallen marren en sânige geasten? Fier fan alle drokte, mar as men wol, der dochs ek middenyn? Wy binne grutsk op it ferskaat oan doarpen, mei elts syn eigen wensten en kultuer. En fansels Sleat, pearle fan de Fryske alve stêden. Us koälysje fielt him roppen ta de soarch foar dy prachtige omjouwing. Wy wolle beskermje wat fan wearde is, om dat wer goed oerdrage te kinnen oan de neikommende generaasjes.

## In aktive en inisjatyfrike maatskippij

Wy hâlde hjir fan dwaán. It hiele jier troch. Wy binne in gemeente dêr't it ferieningslibben bloeit. Dêr't in ûnneamber soad organisearre wurdt, fan doarpsfeesten oant festivals. En dêr't it

bedriuwslibben en de agraryske sektor bloeie. It midden- en lytsbedriuw is in wichtige drager fan ús lokale ekonomy. Untwikkeling en groei fan dy sektor binne wichtich foar de kwaliteit fan ús maatskippij. De toeristyske sektor is ek wichtich. Benammen ek - of miskien wol krekt - foar ús lokale befolking. Koart en goed:

De Fryske Marren is in aktive en inisjatyfrike maatskippij, dêr't minsken wurkje wolle oan de kwaliteit fan de eigen omjouwing.

## Maatskiplik inisjatyf

Bestjoeren begjint wat ús oanbelanget mei erkenning fan maatskiplik inisjatyf. Wy jouwe ynwenners, bedriuwen en maatskiplike organisaasjes dan ek graach de romte. Sterker noch: as ynwenners tinke dat se ien fan ús taken tûker, better of goedkeaper dwaan kinne, dan steane we dêrfoar iepen. Wy neame dat Right to Challenge.

Ynliding en lêswizer

Wy dogge it mei-inoar!

Sá sjogge wy De Fryske Marren

Us oanpak

De programs

Taheakken

## Eltsenien docht mei

Wy koesterje ús leefbere en feilige maatskippij. Underdiel dêrfan is dat we each hawwe foar de minsken om ús hinne. Om't we fine dat eltsenien der ta docht en meidwaan kinne moat. Betrouwen stiet dêrby sintraal. Wy wolle gjin hurde kultuer fan kontrolearjen en ôfreakkenjen.

## Mei-inoar

Wy wolle De Fryske Marren noch kleurriker, aktiver en nofliker meitsje as hja al is. Dat kin de gemeente net allinnich: dat dogge we graach tegearre mei ús ynwenners, ûndernimmers, organisaasjes en ferienings.



# Us oanpak

Yn in iepenhertige sfear hawwe we, ûnder lieding fan formateur Aucke van der Werff, fan mids maart ôf mei-inoar praten oer de foar ús relevante tema's foar ús gemeente, mei as basis ús partijprogram. Dêrby hawwe we ek oan inoar wenne moatten. Begryplik, want ús eftergrûnen binne ferskillend: twa partijen fan de nije koälysje makken ek ûnderdiel út fan de foargeande koälysje, wylst dat by de twa oare partijen net it gefal wie. Ynhâldlik ferskille we ek nochal fan inoar. Us útdaging wie en is de ferskillen besprekber te meitsjen en te oerbêgjen. Dêr binne we yn slagge.

Op ynhâld binne ús petearen op ûnderskate wizen stipe. Omdat we as koälysje midden yn de maatskippij stean wolle, hawwe we (groepen) ynwenners fan ús gemeente - al of net as fertsjintwurdiger(s) fan in organisaasje - yn 'e gelegenheid steld yn koarte petearen mei de formateur tema's op 't aljemint te bringen. Tema's, dêr't men fan betinken fan is dat se sûnder mear omtinken fertsjinje yn in nij koälysje-akkoart. Mei-inoar binne der, ferdiel oer fiif jûnen, 34 petearen fierd, dêr't in grutte mjitte fan belutsenens by De Fryske Marren yn nei foarren kaam. De opmakke petearsnotysjes en de oan de formateur oerhandige skriftlike stikken, hawwe

ûnderdiel útmakke fan ús petearen en hawwe laat ta oanfolgings op it koälysje-akkoart. De riedsleden, dy't diel útmakken fan de ûnderhannelingsdelegaasje, hawwe soarge of sille soargje foar in tillefoanysk weromkeppeljen nei de petearpartners fan de formateur.

Dêrnjonken hawwe guon riedsfraksjes fan partijen, dy't gjin diel útmeitsje fan de koälysje, fia de formateur op ûnderdielen suggestjes oandroegen. Dy binne troch ús besprutsen en hawwe yn bepaalde gefallen laat ta ferwurking yn it koälysje-akkoart.

Uteinlik hawwe we it definitive koälysje-akkoart op 9 maaie 2019 ûndertekene.

 Ynliding en lêswizer

 Wy dogge it mei-inoar!

 Sá sjogge wy De Fryske Marren

 Us oanpak

 De programs

 Taheakken





# De programs

Program 1: Bestjoer en organisaasje

Program 2: Romte

Program 3: Ekonomy

Program 4: Leefberens en ûnderwiis

Program 5: Sosjaal domein

## Program 1: Bestjoer en organisaasje

As koälysje wolle wy tegearre mei de maatskippij en de rie oan 'e slach. Wy beskikke dêrby oer in organisaasje dy't ynsteld is op ynnovaasje, mei meiwurkers dy't op harren taak berekkene binne en harren aloan ûntwikkelje. De ûnderwerpen dy't we yn dit program neame, bouwe dêrop fierder.

### Relaasje koälysjepartijen ûnderling

Dit koälysje-akkoart is it kompas foar de koälysjepartijen. Bystellen fan de koers kin, mar wol altyd yn oerlis mei-inoar. Wy jouwe inoar de tiid foar kommunikaasje binnen en tusken de fraksjes. Foar de ûnderwerpen dêr't we yn dit akkoart konkrete ôfspraken foar fêstlein hawwe, jildt 'ôfspraak is ôfspraak'. As we tinke dat der ferskate opfettings

binne oer ûnderwerpen dy't net yn dit akkoart fêstlein binne, sykje we inoar op 'e tiid wer op. Dêrby is it útgongspunt dat we der mei-inoar útkomme wolle.

### Relaasje rie, kolleezje fan B&W en organisaasje

Yn it dualisme stelt de rie it beliedsramt en fiert it kolleezje fan B&W dy, yn gearwurking mei de organisaasje, út. Wy wolle dat de rie benammen

Ynliding en lêswizer

Wy dogge it mei-inoar!

Sá sjogge wy De Fryske Marren

Us oanpak

De programs

Taheakken



by de swierdere beliedsûnderwerpen oan de foarside meinommen wurdt. It is ek wichtich dat it kolleezje de rie pro-aktyf ynformearret oer relevante ûntwikkelings.



## Bestjoerlike fernijing

Oer bestjoerlike fernijing steane der al in oantal aksjes op 'e riedsaginda. Fierders binne foar ús de neikommende saken fan belang:

- **Trajekt lokale demokrasy**

Yn it foargeande riedstiidrek is der tegearre mei it ministearje fan ynlânske saken en keninkrykrelaasjes, de ynwenners en doarpsbelangen in trajekt ynset om de lokale demokrasy yn De Fryske Marren te fersterkjen. De útkomsten dêrfan wurde yn it restearjende riedstiidrek fierder útwurke, sadat der konkrete stappen setten wurde kinne.

- **'Right to challenge'**

'Right to challenge'-útsellen fan groepen ynwenners, wurde mei in positive grûnhâlding mei-inoar (inisjatyfnimmers, bestjoerders en beliedsadviseurs) op helberens beoardiele.

- **Ynwennerspartisipaasje**

Wy binne posityf oer inisjativen fan doarpen en ynwenners, dy't oantoanber op draachflak rekkenje kinne. De gemeentlike organisaasje kin dêrby advisearje en stypje. Wy geane dêrby út fan in lykwaardige behanneling en ôfwaging fan inisjativen. De rie wurdt op 'e tiid ynformearre oer nije inisjativen.

- **Gearkomstestruktuer gemeenterie**

Om de gearkomsten fan rie en kommisjes leechdrompeligjer te meitsjen, is yn jannewaris 2019 úteinset mei in wizige gearkomstestruktuer.

Wy stypje de wizige oanpak. Yn 'e rin fan 2019 wurdt de gearkomstestruktuer evaluearre.

## Eksterne kontakten

De leden fan it kolleezje fan B&W sette, yndividueel en as kollektyf, yn harren kontakten in dúdlik profyl fan ús gemeente del, wêrby't 'It ferhaal fan De Fryske Marren' de basis is. Yn dat ramt stiet gearwurking mei ynwenners, sosjale partners en bedriuwslibben, de buorgemeenten, de provinsje Fryslân en de ryksoerheid sintraal.

## Fisy De Fryske Marren

Yn 2012 hawwe de trije eardere gemeenten in fisynotysje fêststeld. Yn dy fisynotysje stiet beskreaun hoe't de nije gemeente derút sjocht en wat syn ambysjes binne op it mêd fan Romte, Ekonomy, Maatskippij en Bestjoer en Organisaasje. Op grûn fan de beslútfoarming by de Ramtnota 2018

wurdt dy fisynotysje evaluearre yn 2020. Paslik by ús útgongspunten wolle we ynwenners en it bedriuwslibben by dy evaluaasje belûke.

## Reinbôgegemeente

De sosjale akseptaasje en feiligens fan LHBTY'ers stiet lanlik en ek yn De Fryske Marren ûnder druk. Wy sille de rie dan ek in útstel foarlizze om in reinbôgegemeente te wurden.

## Jongerein belûke by gemeentlike tema's

Wy slute oan by de útsellen fan in riedswurkgroep, dy't yn 2019/2020 oanbefellings presintearret oer de wize wêrop't jongerein better by gemeentlike tema's belutsen wurde kin. Dy oanbefellings binne basearre op in evaluaasje fan de inisjativen (Jong DFM), in startgearkomste fan rie, kolleezje en jongereinwurkers, advizen fan de Fryske Jongereinadvysrie en sa nedich fierder ûndersyk.



## Ynternasjonale bannen

Wy sille de rie in fisynotysje foarlizze, dêr't we yn yngeane op de tafoege wearde fan ynternasjonale bannen oer it ginneraal en wat dat alles De Fryske Marren opsmite kin. De hjoeddeiske gemeentebannen mei Drolshagen en Medias wurde oan dy fisy hifke. Op grûn dêrfan sil troch de rie in beslút nommen wurde oer it al of net fuortsetten fan dy bannen.

## Húsfesting bestjoer en organisaasje

De rie hat earder keazen foar sintrale húsfesting fan bestjoer en organisaasje. Om in gemeente goed bestjoere te kinnen is in hechte wurkrelaasje tusken rie, kolleezje en organisaasje fan grut belang. As koälysje wolle we dan ek yn oerlis mei de wurkgroep húsfesting ynfolling jaan oan de sintrale húsfesting. Utgongspunt dêrby is dat de jierlikse ynvestearrings- en eksploitaasjelêsten budzjettêr neutraal dutsen wurde kinne.

## Untwikkeling organisaasje

It tegearre mei de maatskippij foarm en ynhâld jaan oan De Fryske Marren freget ek fan ús organisaasje politike sensitiviteit, kommunikatieve feardichheden, omjouwingsbewustwêzen en it manûvrearber ynspylje kinnen op nije ûntwikkelings út dy maatskippij wei. Dêrby is in hechte relaasje tusken rie, kolleezje en organisaasje fan belang. Wy stypje dêrom fan herten de yn gong setten trochûntwikkeling

fan de organisaasje, wêrby't ynset wurdt op yntegraliteit, ynnovaasje, profesjonalisearring en ferjonging.

## (Digitale) tsjinstferliening

De gemeente moat fysyk en digitaal goed berikber wêze. Wy sette foar it tiidrek 2020-2024 yn op in ambisjeuze trochûntwikkeling fan it besteande belied (oant 2020).

Dêrby jilde de neikommende útgongspunten:

- De gemeentlike tsjinstferliening is fan hege kwaliteit.
- Ynwenners en bedriuwen kinne de gemeentlike tsjinstferliening safolle mooglik rap, effisjint en ûnôfhinklik fan plak en tiid digitaal regelje.
- Persoanlike, face-to-face tsjinstferliening, lykas assistinsje by it ynfoljen fan formulieren, bliuwt mooglik by it KCC op De Jouwer en by de stipepunten yn Balk en op De Lemmer.
- Wy sette de doelmjittigensfoardielen fan digitalisearring op termyn yn foar digitale ynnovaasje en pilots foar tsjinstferliening op maat yn 'e drekte omjouwing fan ús ynwenners.



## Finansjeel belied, belestings, leezjes en tariven

In finansjeel sûne gemeente is it útgongspunt foar ús finansjele belied. De jierlikse ferheging fan de ûnreplike-saakbelesting (ÛSB), ta kompensasje fan de heger wurdende kosten, folget it trochsnee priispeil fan de ynflaasje- en leanûntwikkeling. As nij gemeentlik belied laat ta hegere kosten, dan wolle we dy hegere kosten earst binnen de begrutting opheine troch der âld belied foar yn te leverjen. Wy geane út fan kostedekkende gemeentlike leezjes en tariven. Oer ús finansjele belied wolle wy ek ús ynwenners sa optimaal mooglik ynformearje. Op ús thússide en yn ús katern 'Tusken de Marren' fan 'Groot De Fryske Marren', wurdt alle jierren dan ek in koarte, publyksfreonlike ferzje fan de gemeentlike begrutting presintearre en geane we yn op de gefolgen foar ynwenners en bedriuwen.



## Program 2: Romte

**De Fryske Marren is in wiidfiemjende gemeente: sawol om yn te wenjen, yn te wurkjen as om yn te rekreëarjen. De Fryske Marren is dynamysk en op ûntwikkeling rjochte, wêrby't we de besteande kwaliteiten op in duorsume wize behâlde en fersterkje wolle. Wy binne ek in feilige gemeente en dat wolle we graach sa hâlde. Foar wat ús romte oanbelanget steane we foar grutte útdagings, lykas de ynfiering fan de nije Omjouwingwet, it gemeentlike klimaatbelied en de trochûntwikkeling fan de agraryske sektor.**

### Omjouwingwet

De Omjouwingwet is in stelselferoaring binnen it romtlike domein. It is kwa ynfloed ferlykber mei de stelselwizing yn it sosjale domein. Mar leafst 26 wetten, 120 AMFB's en oare regelingen geane op yn it nije stelsel fan de Omjouwingwet. De ymplementaasje fan dy wet freget om in fisy op ús romte, yn 'e breedste sin fan it wurd. It giet net allinnich oer planologyske ramten, mar ek oer saken lykas leefberens, sûnens, feiligens, tsjinstferliening en partisipaasje.

Yn gearspraak mei ynwenners sille de gemeenterie en it kolleezje it yn gong setten trajekt fuortsette en in omjouwingfisy opstelle dêr't De Fryske Marren de kommende jierren mei foarút kin. Dêrby is de levere en noch te leverjen ynbring fan ynwenners, it bedriuwslibben en maatskiplike organisaasjes fan grut belang.

### Klimaat

Yn it Klimaataakkoart Parys 2020-2050 binne ynternasjonale ôfspraken makke om de útstjit fan broeikasgassen te ferminderjen en dêrmei de fierdere opwaarming fan de ierde tsjin te gean. Dy en oare resinte nasjonale en ynternasjonale ôfspraken wolle we - wêr mooglik - oersetten nei gemeentlik belied, troch de Duorsumensnota 2013-2030 te aktualisearjen.

In wichtige útdaging, dy't yn it ramt dêrfan op ús paad leit, is de Regionale Enerzjy Strategy en dêrmei gearhingjend de waarmte-transysjeplannen. Yn dit riedstiidrek moatte we as gemeente ynfolling jûn hawwe oan ús lokale enerzjystrategy. Dêrmei litte we sjen hoe't we foldwaan kinne oan de taakstellingen op it mêd fan fernijbere enerzjyopwekking en fernijber enerzjyferbrûk.



Yn 'e transysje nei in duorsumere maatskippij is draachflak ûnmisber, want wy moatte it mei-inoar dwaan. Us útgongspunt is dan ek dat de lusten en de lêsten goed ferdiel wêze moatte. Sa fine we bygelyks dat enerzjy, dy't yn ús gemeente opwekke wurdt, ús ynwenners te'n goede komme kinne moat. Inisjativen, dy't op dat mêd ûntwikkele wurde, moatte foar ús ynwenners dan ek útnûgjend, helber en betelber wêze.

Wy stimulearje it ûntstean fan lokale enerzjykoöperaasjes (sinnegreides en wynturbines) dêr't boargers oan dielnimme kinne. Wy stimulearje benammen ek de gearwurking tusken de gemeente en koöperaasjes. Foar wat sinnegreides oanbelanget sille we ús belied feroarje en sa takomstbestindich mooglik meitsje. Oangeande wynturbines (fan lokale enerzjykoöperaasjes) wurdt op grûn fan in positive ynstek, ûndersyk ynsteld nei:

- in ferantwurde lânskiplike ynpassing, mei in

foarkar foar klusterling;

- de oanwêzigens fan draachflak;
- de partisipaasje fan ynwenners;
- it krijen fan subysdzjes.

Op bedriuwsterreinen en by agraryske bedriuwen (op it mêd fan bouwen) yn it bûtengebied wolle we lytsere wynturbines oant maksimaal 15 m hichte (de Grinslanner mûnen) tastean.

De gemeente jout it goede foarbyld as it om it klimaatbelied giet. De gemeente skipet rânebetingsten, is oanjager en stimulearret. Yn dat ferbân wolle we 'Tûk Wenjen', dêr't oant no ta allinnich eigen wentebesitters gebrûk fan meitsje kinne, foar wat it jaan fan advizen op it mêd fan enerzjybesparring oanbelanget, ek tagonklik meitsje foar hierders fan wenten.

De ûntwikkeling fan ús klimaat karakterisearret him troch ekstreme waarsomstannichheden, dy't fan grutte ynfloed binne op de wetterhûshâlding


(wetteroerlêst en ferdrûging). Yn 2019 sille we it nije Ferbrede Gemeentlike Riolearringsplan (FGRP) presintearje, op grûn wêrfan't foar dy ûnderwerpen yngripende karren makke wurde moatte. Dat hat dan benammen effekt op de ynrjochtings fan nijbouwiken, de diminsjonearring fan rioelstelsels en bergingsmooglikheden fan it oerflaktewetter.

Foar wat it ôffal oanbelanget is ús ynset rjochte op it fierder weromkringen fan de ôfearstreamen en op it stimulearjen fan risaikling fan grûnstoffen (sirkulêre ekonomy).

Foar de útfiering fan it gemeentlike klimaatbelied wize we binnen it kolleezje in (koördinearjend) klimaatwethâlder oan.

### Agraryske sektor

Untwikkelingen en regeljouwing op ûnder oaren it mêd fan duorsumens, soargje derfoar dat de agraryske sektor foar grutte útdagings stiet. De



gemeente wol meitinke en - wêr mooglik - stypje by mooglikheden en knipepunten. Wy hawwe in mienskiplike ambysje om de omjouwing goed en takomstbestindich te brûken en dêrom moat de agraryske sektor de romte krije foar fierdere transformaasje, konservearring en ynnovaasje. Sa wolle we sjen nei de mooglikheid om pilotprojekten op dat mêd te stypjen.

It Bestimmingsplan Bûtengebied Noard is rjochtingjaand foar noch te ûntwikkeljen omjouwingsplannen yn it bûtengebied, mei omfetsjend it Omjouwingsplan Súd-West. By frijkommende agraryske bedriuwen beoardielje we yn foarkommende gefallen de mooglikheden foar in bestimmingswiziging (fan in agraryske bestimming nei in wenbestimming, in bedriuwbestimming of in kombinaasje fan beiden). In mooglike bestimmingswiziging mei gjin beheining foar de agraryske omjouwing foarmje.

Wy diele de soargen, dy't ferbûn binne oan it yntinsyf brûken fan gemyske bestridingsmiddels. Wy hâlde de resultaten fan lanlik ûndersyk op dat mêd dêrom sekuer yn 'e kuer.

### **Feangreidegebiet en fundearingsproblematyk**

De Fryske Marren partisipearret aktyf yn it proses dat folget út de Provinsjale Feangreidefisy. Dat dogge we nettsjinsteande it feit dat de provinsje Fryslân



en it Wetterskip Fryslân it belied opstelle en útfiere. Allinnich dan kinne we ynspylje op mooglike gefolgen en kin de gemeente yn kontakt wêze en bliuwe mei ynwenners en bedriuwen dy't belutsen binne. Omdat we ek op dat mêd ús rol as earste oerheid ynfolje wolle, nimme we yn foarkommende gefallen it inisjatyf foar it ûnder de oandacht bringen fan dy problematyk by provinsje en Wetterskip. Wy hawwe dit riedstiidrek omtinken foar de fundearingsproblematyk (pealrot) yn it feangreidegebiet. Wy wolle benammen sicht krije op de omfang fan dy problematyk yn ús gemeente. Dêroer sille we oerlis hawwe mei de provinsje Fryslân en it Wetterskip Fryslân. Dat dogge we nei oerlis mei de Stichting Kennis Centrum Aanpak Funderingsproblematiek (KCAF) en yn ôfstimming mei oare Fryske gemeenten. Dat oerlis sil wat ús oanbelanget rjochte wêze moatte op in mienskiplike oanpak.

### **Kwaliteit iepenbiere romte**

Wy wolle de besteande kwaliteit fan de iepenbiere romte behâlde en wêr mooglik



fersterkje. It ûnderhâldsniivo fan it iepenbier grien wolle we minimaal bewarje op in trochsnee B-byldkwaliteitsniivo (CROW), wêrby't û.o. ûnderskied wurde makke kin tusken lokaasjes binnen en bûten de beboude kom. Foar ús begraafplakken hâlde we fêst oan in byldkwaliteitsniivo A.

Op lokaasjes bûten de beboude kom wolle we duorsum en ekologysk behear fan iepenbier grien fierder stimulearje troch it ôfgerskjen troch skiep. De kommunikaasje oer it grienûnderhâld wolle wy yntinsivearje.

### **Natoer en lânskip**

De Fryske Marren is in natoerrike gemeente. Fersterking fan de natoerwearden draacht by oan it bioferskaat, de rekreatieve ekonomy en it wolwêzen fan ynwenners. Wy sette ús yn foar de beskerming fan dy natoer en foar de ûntwikkeling fan nije natoer, wêrby't sprake wêze moat fan frijwilligens en it leverjen fan maatwurk.

It lânskip om ús hinne is part fan ús erfgoed en wearden lykas wrydskens, rêst, bioferskaat en kultuerhistoarje fertsjinje ús omtinken omdat se ús



libben ferrike. Fanwegen it beskiedende karakter foar it lânskip, wolle we iepenbiere kultuerhistoaryske lânskipseleminten behâlde.

Op grûn fan de opstelde en yn 2019 te presintearjen lânskipsbiografy, beoardielje we óf en op hokfoar wize wy dizze lânskipsbiografy brûke sille by behearkarren en ûntwikkelingen yn it bûtengebiet en mooglik ek yn 'e kearnen fan ús gemeente.



### Bedriuwsterreinen

Oangeande bedriuwsterreinen kieze we foar ynwreiding yn stee fan útwreiding. Wy wolle de fokus lizze op it takomstbestindich meitsjen fan bedriuwsterreinen en op útjefte fan de noch beskikbere kavelen op de besteande bedriuwsterreinen

en foarearst gjin nije bedriuwsterreinen ûntwikkelje. As bedriuwen harren melde, dy't kwa ynfolling net passe binnen it beskikbere areaal dan sykje we, binnen de op dit punt makke regionale ôfspraken, nei in maatwurkoplossing.

Besteande bedriuwen op besteande bedriuwsterreinen tichtby lytse kearnen wolle we - wêr mooglik - op grûn fan maatwurk en binnen de fêstleine ramten, romte jaan foar fierdere útwreiding.

### Untwikkeling Iselmarkust

Op grûn fan it troch de rie noch fêst te stellen Ambysjedokumint It Fryske Iselmarkustgebiet sette we yn op in duorsume takomstige ûntwikkeling fan it Iselmarkustgebiet foar minske en natoer. Wêr't mooglikheden harren foardogge, sille we oanstean op plannen dy't passe binnen de ramten fan it Ambysjedokumint.

### Romtlike ûntwikkelingen op De Lemmer

Wy wolle yn dit riedstiidrek spesifyk omtinken foar it gebiet De Pôle op De Lemmer, dat driuwend baat hat by in nije romtlike ynfolling, dy't op De



Lemmer op draachflak rekkenje kin. Dêrom litte we op koarte termyn in ûnôfhinklik ûndersyk ynstelle nei de romtlike mooglikheden, rjochte op wenjen en detailhandel/retail en de dêroan ferbûne ferkearsaspekten. Dêrby wurdt ek sjoen nei de effekten foar it sintrum fan De Lemmer.

### Rekreaasje en toerisme

It is goed toevjen yn De Fryske Marren. Dat komt foar in wichtich part troch ús oantreklike en unike wetter- en natoerlânskip. Omdat we dat safolle mooglik yn stân hâlde wolle, stelle we romtlike betingsten oan nije inisjativen. Sa sil reälisaasje fan in nij rekreaasjepark lânskiplik yn pasber wêze moatte. Besteande lytsere parken hawwe wat ús oanbelanget mooglikheden foar útwreiding, as se oanslutend oan it besteande park reälisearre wurde.

Wy hawwe benammen omtinken foar de neikommende projekten/ûnderwerpen yn 'e toeristysk-rekreatieve sfear:

- **Rekreaasjegebiet Nannewiid**  
It rekreaasjegebiet ûnderfynt lêst fan it feit dat it Nannewiid net op djippte is foar de rekreaasjefoart. Dêrom inisjearje we oerlis mei Steatsboskbehear, Wetterskip en provinsje Fryslân oer mienskiplike oanpak fan it op djippte bringen fan dat rekreaasjeweeter.
- **Havenkertier Balk**  
Wy sette aktyf yn op in romtlike kwaliteitsympuls foar rekreaasje en toerisme foar it Havenkertier,



wêrby't bygelyks in hotel of in oare passende romtlike en rekreatieve ynfolling reälisearre wurdt, dy't helber is en wurkgelegenheid opleveret.

- **'De Lemmer, poarte fan Súdwest-Fryslân'**

Wy hechtsje oan in goede ûntsluting en trochstreaming fia wetter en diken op en om De Lemmer en de reälsaasje fan in mooglike farferbining tusken De Lemmer en de Tsjûkemar (de Lemster Rien). Dêrom wurdt yn de twadde helte fan 2019 de fisy 'De Lemmer, poarte fan Súdwest-Fryslân' ta fêststelling oan de rie foarlein.

### **Monumintebelied**

De ûntwikkeling fan in gemeentlik monumintebelied wurdt by de Ramtnota yntegraal ôfwage. As yn dit riedstiidrek middels beskikber komme foar beliedsûntwikkeling en -útfiering op dat mêd, dan jildt yn alle gefallen dat eigeners fan gemeentlike monuminten gjin ferplichtings oplein wurde. Hja kinne yn gefal fan oanwizing op grûn fan frijwilligens fan de beane mooglikheden gebrûk meitsje.

### **Ferkear en ferfier**

Foar ús bliuwt ferkearsfeiligens in oandachtspunt. Ein 2019 wurdt der in ferkearsknipepuntnotysje oan 'e rie foarlein. Wy sille by in aktualisaasje fan it Gemeentlike Ferkears- en Ferriersplan (GFFP) omtinken jaan oan de knipepunten, de dykbelining en it dúdlik oanjaan fan hoe hurd der maksimaal riden wurde mei. Wy



sykje ek, by foarkar tegearre mei buorgemeenten en de provinsje Fryslân, fierder nei oplossings foar de ferkearsproblematyk dy't ferbûn is oan de brêge oer de Skarsterrien en ferbettering fan de ferbinings mei de Rânestêd.

Mei it each op in goede ûntsluting fan de doarpen sille we, yn ôfstimming mei de buorgemeenten, by de provinsje Fryslân fierder oanstean op it ferbetterjen fan it iepenbier ferfier op it plattelân.

Wy geane foar feilige fytsrûtes yn 'e gemeente. Wy sille de mooglikheden foar in fierdere útwreiding fan it fytspadenewurk ûndersykje. Foar wat de mooglike oanlis oanbelanget, sille, keppele oan regulier (dyk) ûnderhâld en mooglikheden om subsydzjes te krijen, de prioriteiten bepaald wurde.

### **It brûken fan de iepenbiere romte troch bedriuwen yn winkelgebiet.**

Om wyldgroei en/of oerlêst binnen de iepenbiere romte foar te kommen, sil der tasjoen wurde op it goed brûken fan de iepenbiere romte en de ferliende fergunnings. As soks needsaaklik is, sil nei oerlis mei de ûndernimmers, hanthavenjend hannele wurde.

### **Tagonklikens iepenbiere romten.**

It FN-ferdrach oer de rjochten fan persoanen mei in hendikep is op 14 july 2016 yn Nederlân fan krêft wurden. It doel fan it ferdrach is om de posysje fan minsken mei in beheining te ferbetterjen. Dêroan besteegje we yn ús belied mei klam omtinken. Us útgongspunt is dat eltsenien him sûnder obstakels yn 'e iepenbiere romte bewege kinne moat. Foar minderfaliden binne der somtiden ûnnedige obstakels yn 'e fysike publike romte. Wy wolle derfoar soargje dat dy obstakels fuorthelle wurde.





## Program 3: Ekonomy

**De Fryske Marren hat in grut ferskaat oan bedriuwen en in noch hieltyd waaksende wurkgelegenheid. Wy stribje nei in krêftige, ynnovative en takomstbestindige ekonomy. In ekonomy dy't bydraacht oan in oantreklik wenklimaat en dy't duorsum is, wêrby't (fernijbere) grûnstoffen effisjint brûkt wurde.**

### In freonlike gemeente foar it midden- en lytsbedriuw

It midden- en lytsbedriuw is yn ús gemeente de motor fan de lokale ekonomy en biedt in protte wurkgelegenheid. As stimulâns foar in aktive ynset foar in fierdere ferbettering fan it ûndernimmersklimaat is de ambysje fan De Fryske Marren om it kommende kolleezjetiidrek de 'midden- en lytsbedriuwfreonlikste gemeente fan Nederlân' te wurden.

Fêstigingsklimaat nije bedriuwen (\*)

Wy stribje nei in geunstich fêstigingsklimaat foar nije bedriuwen en stelle ús dêrby fasilitearjend op. Wy jouwe de foarkar oan bedriuwen dy't in protte wurkgelegenheid kreëarje, ynnovatyf binne en duorsum produsearje.

### Besteande bedriuwen (\*)

Besteande bedriuwen, gauris fêstige op bedriuwsterreinen by lytsere kearnen, binne fan ekonomysk belang en fan belang foar de leefberens yn 'e lytsere kearnen. Wy wolle dy bedriuwen - wêr

mooglik - binnen de fêstleine ramten romte jaan foar fierdere útwreiding. Wy reälisearje ús dat dêrby gauris sprake wêze moat fan maatwurk.

### It takomstbestindich meitsjen fan bedriuwsterreinen (\*)

Wy sette yn op it takomstbestindich meitsjen fan besteande bedriuwsterreinen. Wy belûke dêrby de resultaten fan de yn 'e provinsje Fryslân op te starten pilots.

### Reälisaasje rap ynternet

Wy sjogge rap ynternet as in ûnmisbere nutsfoarsjenning foar ús ynwenners en bedriuwen yn net allinnich de saneamde wite en grize gebieten, mar krekt ek yn 'e doarpen. Wy stimulearje dêrom de reälisaasje fan in betelber, takomstbestindich en rap ynternet, by foarkar troch de wei fan in iepen glêsfazelnetwurk. Foar wat it behear oanbelanget, jouwe wy de foarkar oan behear troch de lokale maatskippij. By kollektive inisjativen foar en troch ús ynwenners kin de gemeente de fraachbondeling en útrol fan in soksoarte fan netwurk finansjeel stypje.



### Reälisaasje rap ynternet

Wy sjogge rap ynternet as in ûnmisbere nutsfoarsjenning foar ús ynwenners en bedriuwen yn net allinnich de saneamde wite en grize gebieten, mar krekt ek yn 'e doarpen. Wy stimulearje dêrom de reälisaasje fan in betelber, takomstbestindich en rap ynternet, by foarkar troch de wei fan in iepen glêsfazelnetwurk. Foar wat it behear oanbelanget, jouwe wy de foarkar oan behear troch de lokale



maatskippij. By kollektive inisjativen foar en troch ús ynwenners kin de gemeente de fraachbondeling en útrol fan in soksoarte fan netwurk finansjeel stypje.

### Rekreaasje en toerisme (\*)

De Fryske Marren hat de rekreänt en toerist foar wat kultuer, natoer, wetter en lânskip oanbelanget in protte te bieden. Wy wolle dan ek dat ús gemeente him proflearret as in aktive en rekreätive gemeente. De nije Rekreaasjefyzje moat yn alle gefallen omtinken jaan oan:

- Gearwurking mei ûndernimmers yn 'e toeristysk-rekreätive sektor;
- Kwaliteitsferbettering fan de ferbliuwsrekreaasje;
- De mooglikheden fan seizoenferbreiding;
- Regionale gearwurking;
- It stimulearjen en fasilitearjen fan inisjativen 'fan ûnderen ôf';
- De wize wêrop't nije inisjativen romtlik beoardiele wurde;
- Doelgroepsferbreiding.

### Lokaal Sosjaal Ekonomysk Platfoarm

Wy geane oan 'e slach mei it ynstellen fan in Lokaal Sosjaal Ekonomysk Platfoarm. Dêryn treffe wurkjouwers, wurknimmers (fakorganisaasjes), it wurkfoarsjeningsskip, frijwilligersorganisaasjes en it middelber beropsûnderwiis inoar, om inisjativen

oangeande ekonomy en wurkgelegenheid út ferskate ynfalshoeken wei by inoar te bringen.

### Fleanfjild Lelystêd

De kommende tiid sil de ryksoerheid in beslút nimme oer it wol of net iepenstellen fan Fleanfjild Lelystêd as oerrinflleanfjild foar Schiphol. As besletten wurdt ta iepenstelling, sil ús gemeente him maksimaal ynsette om de oerlêst foar ús ynwenners en besikers ta in minimum te beheinen. Dêrnjonken sille we ûndersykje hokker perspektyf dat fleanfjild biede kin foar ús lokale ekonomy.

### Gaswinning

Wy binne in duorsume gemeente en drage dat út. Dêrom is De Fryske Marren tsjin gaswinning, mei omfetsjend de tarieding dêrta, ûnder it gemeentlike grûngebiet.

(\*) Sjoch ek Program 2 Romte



## Program 4: Leefberens en ûnderwiis

**De Fryske Marren karakterisearret himsels as in sterke, dragende, libbendige mienskip mei goede en tagonklike (basis)foarsjennings. Dat betsjut dat wat ynwenners en organisaasjes sels dogge of sels dwaan kinne soene, dat ek foar harsels, foar inoar en mei-inoar oppakke. Utgongspunt dêrby is eigen ferantwurdlikens en it sels organisearjen en probleemoplossend fermogen fan ús ynwenners en ynstellings. Us rol as gemeente is benammen fasilitearjend en stypjend.**

### Leefberens

Wy hechtsje in soad wearde oan fitale mienskippen, dêr't ynwenners nei inoar omsjogge en inisjativen nimme om de leefberens yn stân te hâlden of te ferbetterjen. De Ferienings fan Pleatslik Belang spylje dêrby in wichtige rol. Wy sette troch mei it fasilitearjen fan de eigen krêft yn 'e mienskippen troch de ynset fan doarpekoördinatoaren, kertiermakers



sosjaal domein, de fermindering en ferienfâldiging fan regels en it beskikber stellen fan middels fia de regeling ynwennersinisjativen en it kearnebudzjet.

### Taal, keunst en kultuer

- **Fryske taal en kultuer**

De Fryske taal en kultuer binne ûnskiedber ferbûn oan ús maatskippij. Wy wolle it belied, lykas formulearre yn 'e beliedsnota 'Frysk as it heal kin', dan ek ûnferoare fuortsette.



- **Nota Keunst en kultuer**

De nije Ramtnota Kultuer is yn tarieding en yn 2019 klear. Dêrfoar jilde oandachtspunten, lykas it mooglik yn te stellen kultuerfûns, it befoarderjen fan synergy tusken ferskate disciplines, mei omfetsjend de sport, mear omtinken foar aktiviteiten yn 'e gemeente dy't

stypjend en rjochte binne op it oerdragen fan de Nederlânske en Fryske kultuer, wearden en tradysjes en leechdrompeligens. Organisaasjes lykas 'Kultuerplein De Fryske Marren' wolle we aktyf belûke by it ta stân kommen fan dy nota.

- **Kultuerplein De Fryske Marren**

Wy wurdearje de ynset fan Kultuerplein DFM. Yn 2020 wolle we de ynset fan it Kultuerplein mei-inoar evaluearje.

- **Húsfesting kulturele ferienings De Jouwer**

It ryk skakearre en bloeiende kulturele libben op 'e Jouwer fertsjinnet takomstbestindige húsfesting. Yn gearwurking mei de ferienings en belangstellend bedriuwlibben binne we dan ek foar realisearje fan nije, fernijde of alternative húsfesting. Yn ferbân dêrmei stypje wy de foarming fan in ynterdissiplinêre projektgroep en ferwachtsje we dat ein 2019, op grûn fan in advys fan dy projektgroep, dúdlikens bean wurde kin oan de direkt belutsen kulturele organisaasjes op 'e Jouwer.

Salang't der gjin sicht is op in definitive húsfesting garandearje we de brûkers fan de eveneminten adekwate húsfesting.



## Underwiis

Wy jouwe prioriteit oan de kwaliteit fan it ûnderwiis. Op amtlik en bestjoerlik nivo wolle we dan ek goede kontakten ûnderhâlde mei de skoalbestjoeren dy't yn 'e Fryske Marren aktyf binne. Op grûn fan dy kontakten kin de gemeente, op fersyk, in prosesbegeliedende rol ferfolje by gearwurking tusken skoallen yn doarpen en wiken. Dy prosesbegeliedende rol wolle we graach ferfolje, mei tsjin de eftergrûn fan de grutte opjefte dêr't De Fryske Marren foar stiet yn it ramt fan de ûnderwiishúsfesting.

## Biblioteek

It belang fan de trije biblioteken yn ús gemeente, ek de moetingfunksje, sjogge we yn. Wy geane dêrom troch mei it finansjeel stypjen fan dy ynstellings. Se binne fan belang foar it tsjingeane fan leechbelêzenens en binne fan betsjutting by de yntegraasje fan statushâlders. Dêrnjonken meitsje de biblioteken ynweners, dy't digitaal minder feardich binne, digitaal sterker mei kursussen dy't op de doelgroepen rjochte binne.

## Sport

Sport en sportive aktiviteiten binne fan grut belang foar in fitale en sûne maatskippij. De yn ferieningsferbân organisearre sport befoarderet dêrnjonken de sosjale gearhing yn ús mienskippen. Wy hechtsje oan in op de fraach rjochte sportynfrastruktuer. Begjin 2020 wurdt de beliedsnotysje 'Sport en bewegen' presintearre. Dat alles mei achtslaan fan de yn 2014 fêststelde besunigingsopdracht.

De rapporten 'Ferlet fan oerkape iepenbier swimwetter yn DFM no en yn 'e takomst' en 'Romte foar sport yn DFM' (fraach- en oanbodanalize fan binnen- en bûtensportakkomodaasjes), belûke we dêrby. Wy stypje inisjativen op it mêd fan realisearring en ferbettering fan de ynfrastruktuer fan kuierpaden, fytspaden en mountainbikerûtes.



## Program 5: Sosjaal domein

**Yn De Fryske Marren kinne alle ynwenners meidwaan en harren ûntjaan. Dat jildt foar jongerein en âlderein, foar wurkjenden en net-wurkjenden. Wy sette yn op wurk en wurkgelegenheid foar wa't wurkje kin. Foar wa't dat net kin, wolle we as gemeente tagelyk fangnet en trampoline wêze. Ynwenners, dy't dat nedich hawwe, heine we dan ek op en begeliede we nei wurk of partisipaasje yn 'e maatskippij troch frijwilligerswurk. Dêrby geane we út fan de mooglikheden fan de ynwenner en dat betsjut sadwaande maatwurk. Dat maatwurk spilet by de útfiering fan de Partisipaasjewet, de Jongereinwet en de Wms (Wet maatschiplike stipe).**

### Wurk en ynkommen

De aktivearrings- en taliedingstrajekten rjochtsje harren yn it oankommende tiidrek op de jongerein, dy't kânsryk is op de arbeidsmerk. Wy stypje alternativen foar de âlderein (60-plussers) yn 'e sfear fan frijwilligerswurk, lykas bygelyks 'Mei-inoar Goud' of Sosjaal Goud'. Mei 'Mei-inoar Goud' kinne útkearingsgerjochtigen de wetlike ferplichte tsjinprestaasje ynfolje en mei 'Sosjaal Goud' kin út it frijwilligerswurk wei de trochstreaming nei betelle wurk befoardere wurde.

By de útfiering fan de Partisipaasjewet wolle we rap dúdlikens jaan oer it rjocht op útkearing.

By de beoardieling fan it rjocht op útkearing stiet de kliïnt sintraal. Nei ôfwizing wurdt de ynwenner net loslitten.

De Fryske Marren hat ek ynwenners, mei omfetsjend jonge minsken, mei lange skulden, mei de dêroan ferbûne sosjale gefolgen. Wy wolle beoardielje op

hokker wize se yn oare gemeenten mei skuldeproblematyk omgeane. It ynsette frijskattingsbelied bliuwt ûnferoare.

### Wms en Jongereinwet

De Fryske Marren hat ek ynwenners mei in beheining of mei psychyske of psychososjale swierrichheden en dy't ûnfoldwaande selsredsum binne of dy't net of dreech partisipearje kinne yn 'e maatskippij. Sy kinne yn it ramt fan de Wms, mei ynset fan it sosjaal wyktiim, rekkenje op maatwurkstipe. Wy sette dêrby yn op it yn stân hâlden fan it hjoeddeiske foarsjenningsnivo.

Dat jildt yn it ramt fan de Jongereinwet ek foar alle foarmen fan spesjalistyske stipe fan bern en jongerein jonger as 18 jier en harren âlden. Wy stribje yn dat ramt nei it oplossing fan de wachtlistproblematyk en wolle perspektyf biede oan de bern, jongerein en âlden, dy't in berop op de foarsjennings dogge.

Yn it ramt fan de útfiering fan de Wms en de

Jongereinwet krije stjoering en behearsking mei klam omtinken. Tsjin dy eftergrûn wolle we dan ek, yn oerlis mei de keatlingpartners, de wize wêrop't de ferskate disciplines, by sawol de útfiering fan de Wms as de Jongereinwet ynset wurde, evaluatearje en beoardielje tsjin de eftergrûn fan in fierdere ferbettering fan de ynset fan de jildmiddels. Utgongspunt bliuwt fansels dat de kliïnt sintraal stiet.

### Alderein

Likernôch 25% fan de ynwenners fan De Fryske Marren is 65 jier of âlder. De âlderein makket sadwaande in tige wichtich ûnderdiel út fan ús gemeentlike maatskippij. Wy wolle dat ek sy sa lang mooglik meidogge en harren ûntjaan kinne. Dêrom wolle we ein 2020 in nota âldereinbelied presintearje. De yn ús gemeente oanwêzige âldereinorganisaasjes, mei omfetsjend Fryske Marren Fitaal, wolle we belûke by de tarieding.



## Wolwêzen

We stribje nei in sterke, dragende maatskippij mei goede en tagonklike basisfoarsjennings. In maatskippij dêr't eltsenien (nei fermogen) yn meidwaan kin oftewol de ynklusive maatskippij. Tsjin de eftergrûn dêrfan is it ôfrûne tiidrek de opdracht foar it wolwêzenswurk yn 'e Fryske Marren op 'e nij formulearre en útset yn in Europeeske oanbesteging. Sintraal yn dy opdracht steane: it befoarderjen fan de selsredsumens, partisipaasje en mantelsoarch en it fersterkjen fan ynwennerisinitiativen, ferienings en frijwilligers. De nije wolwêzensorganisaasje De Kear sil dy opdracht mei yngong fan septimber 2019 útfiere.

## Asylsikers en statushâlders

Asylsikers en statushâlders binne wolkom yn De Fryske Marren. Yn 2021 wurdt de Wet ynboargering wizige. Dat betsjut dat de rezjy op ynboargering werom komt by de gemeente mei as doel asylsikers en statushâlders sa rap mooglik de taal leare te litten



en harren ta te lieden nei wurk. Hja krije dat oangeande by oankomst yn it asylsikerssintrum in persoanlik plan foar ynboargering en partisipaasje. Wy wolle it antisipearjen op dy wet trochsette en de hjoeddeiske trajekten yn byld bringe.

It ynstellen fan in ûndersyk nei de mooglikheden fan in yntinsive begelieding (û.o. administratyf-finansjeel) fan statushâlders, begjinnend by it momint fan it krijen fan in status, hat foar ús hege prioriteit. Wy geane derfan út dat dat ûndersyk yn 2020 ôfrûne is.

## Frijwilligers

Frijwilligers binne fan grut belang foar it goed funksjonearjen fan de maatskippij. Yn De Fryske Marren binne in protte frijwilligers aktyf, yn bygelyks doarpshuzen, fersoargingshuzen, sportferienings en by tsjerken. Harren ynset foar ús maatskippij wolle wy as gemeentlike oerheid wurdearje. Wy komme mids 2020 mei in útstel oer de wize wêrop't wy foarm en ynhâld jaan wolle oan dy wurdearing.



## Mantelsoargers en útstelhûs

Wat foar frijwilligers jildt, jildt wol tige spesifyk foar mantelsoargers. Mei de Regeling Mantelsoarch-wurdearing sprekt de gemeente syn wurdearing út foar de mantelsoargers. It seit himsels dat wy de regeling fuortsette wolle.

Om mantelsoargers te ûntlêstgjen en om mooglikheden te kreëarjen om harren te ferfangen, wolle wy in ûndersyk ynstelle litte nei de mooglikheden fan de realisasaasje fan in regionaal opsetten útstelhûs.



Ynliding en lêswizer

Wy dogge it mei-inoar!

Sá sjogge wy De Fryske Marren

Us oanpak

De programs

Taheakken

Taheakke 1: Portefúljeferdieling

Taheakke 2: Raadsagende De Fryske Marren 2018-2022



# Taheakken

## Taheakke 1

### Portefúljeferdieling

Boargemaster, Fred Veenstra	CDA-wethâlder	CDA-wethâlder	VVD-wethâlder	PvdA-wethâlder	GroenLinks-wethâlder
Algemiene koördinaasje	Ekonomyske saken/ Europeeske Uny	Partisipaasje	Finânsjes/grûnsaken	Natoer/lânskip/wetter (feanweidegebiet)	Wolwêzen (wêrûnder ynklusiviteit)
(Hanthavening) iepenbiere oarder en (yntegrale) feiligens	Rekreaasje en toerisme	Sosjale saken (koördi- nearjend p.h. sosjaal domein)	Digitale tsjinstferliening en Ynformatisearing	Romtlke ûntjouwning (ynkl. Omjouwingwet)	Koördinaasje doarpenbelied
Bestjoerlike lichems en bestjoersstipe	Lânbou	Yntegraasje	Sport	Jongerein	Offal/riolearring
Evenemintenbelied	Duorsumens/klimaat (koördinearjend)	Ynboargering	Folkshúsfesting	Keunst en kultuer	Hanthavening
Brândwacht en krisis-behearsking	Gebietsaginda/ ambys- je-dokumint Friese Ijsselmeerkust	Underwiis, pjutteboarters- plakken en berneopfang	Ynternasjonale bannen	Monuminten/erfgoed/ gemeentlike gebouwen	Miljeu (FUMO)
Kommunikaasje en represintaasje		Personiel en Organisaasje (ynkl. húsfesting bestjoer en organisaasje)	Wmû (soarch)		Behear iepenbiere romte
Bestjoerlike gearwurking		Taalbelied			Ferkear en ferfier
Juridyske saken		Folkssûnens			
Tsjinstferliening, wêrûnder boargersaken					

**NB: It kolleezje sels wiist de projekten ta oan 'e ferskate portefúlje hâlders**







## Taheakke 2



### Aanbiedingsbrief Raadsagenda gemeenteraad De Fryske Marren 2018-2022

#### Inleiding

Voor de periode 2018-2022 heeft de gemeenteraad van De Fryske Marren direct na de verkiezingen een gezamenlijke agenda opgesteld. In deze zgn. raadsagenda zijn punten opgenomen die de negen fracties in de raad de komende vier jaar wensen te bespreken.

De fracties die spreken over het vormen van een coalitie hebben aangegeven de punten ook te willen benoemen in het coalitieakkoord en de gemeenteraad verzoekt het college de genoemde punten mee te nemen bij het opstellen van een collegeprogramma voor de komende raadsperiode en bij de totstandkoming van de programmabegroting 2018-2022.

Het bijgevoegde document is een voortschrijdend document dat de komende periode volgens wens van de gemeenteraad ook gebruikt wordt als Lange Termijn Agenda (LTA). Verzoek aan het college is om nieuwe punten toe te voegen en aan de raad aan te bieden, met een frequentie van in ieder geval eens per maand.

De LTA zal op de agenda voor de agendacommissie geplaatst worden, evenals op de agenda van het fractievoorzittersoverleg.

#### Thema's en punten

De politieke thema's voor de periode 2018-2022 worden in de raadsagenda genoemd en uitgewerkt. De punten zijn benoemd door de negen fracties, waarbij de raadsfracties geen uitspraken over de inhoud doen. Tevens wordt aangegeven hoe de voorbereiding van besluitvorming dient plaats te vinden, bijvoorbeeld in de vorm van een startnotitie of voorlichtingsbijeenkomst. Het debat dient uiteindelijk uiteraard in de raad gevoerd te worden. In de raadsagenda wordt aangegeven hoe de raad de onderwerpen gepresenteerd wil hebben, door wie en wanneer. Sommige onderwerpen keren frequent terug, andere zijn eenmalig.

## Raadsagenda De Fryske Marren 2018-2022

#### Algemeen

Voor u ligt de raadsagenda van de raad van De Fryske Marren voor de periode 2018-2022. De raadsagenda is tot stand gekomen na inbreng van alle negen fractie en het bespreken van de ingebrachte punten tijdens een bijeenkomst waar alle fracties aanwezig waren en waar de speerpunten voor de komende raadsperiode zijn bepaald.

In deze raadsagenda heeft de raad zijn plannen en ambities vastgelegd. De komende vier jaar wil de gemeenteraad constructief en in een harmonieuze samenwerking met het college van B&W zorgen voor de uitvoering van deze raadsagenda.

Naast de kaderstellende en controlerende taken van de raad heeft de raad de taak de inwoners van de gemeente te vertegenwoordigen. Van deze volksvertegenwoordigende taak geeft de raad onder andere uitdrukking met deze raadsagenda. Als rode draad loopt door de agenda de intentie van de gemeenteraad de inwoners actief te betrekken bij de vormgeving en uitvoering van gemeentelijk beleid. Dat komt ook tot uiting in het geven van een vervolg aan de resultaten van het testlab Lokale Democratie. In dat traject (september 2017-februari 2018) hebben inwoners, beleidsmedewerkers, dorpencoördinatoren, raad en college op diverse wijze input geleverd. De uitkomsten worden aan de nieuwe raad en het nieuwe college voorgelegd met de intentie om een vervolg aan het traject Lokale Democratie te geven.

Met als doel de bruikbaarheid en leesbaarheid is dit document ingericht volgens de indeling van de programmabegroting.

#### Leeswijzer

De onderwerpen die door de raad zijn aangedragen en vastgesteld worden kort toegelicht. Verder wordt aangegeven of de gemeenteraad het initiatief neemt, eigenaar van het proces wil zijn, en door het college op dit onderwerp meegenomen en voorbereid wil worden voor besluitvorming. Óf dat het initiatief aan de kant van het college ligt. Daarnaast wordt aangegeven bij wie de actie ligt voor de start van de bespreking van het onderwerp en wanneer.





## Programma 1 Bestuur en Organisatie

Titel	Inleiding	Soort document/actie	Initiatief van / eigenaar proces	Actie door	Wanneer
<b>Lokale democratie</b>	Evaluatie testlab bestuurlijke vernieuwing en vervolg geven aan resultaten testlab. Daarbij de vier punten die uit het testlab zijn gekomen als uitgangspunt nemen	1) Evaluatie-bespreking 2) Start-document voor planning vervolg	Gemeenteraad	1) Fractie-voorzittersoverleg op voorstel van de griffie 2) Gemeenteraad samen met college, griffie en directie	Continu proces 2018-2022
<b>Budgetrecht gemeenteraad</b>	De P&C-cyclus bespreken als gemeenteraad	Evalueren financiële verordening	Gemeenteraad	Audit-commissie	Eerste kwartaal 2019
<b>Jeugd en politiek</b>	Jeugd meer betrekken bij de politiek	1) Volgens afspraak met JongFM: evalueren van de jeugd-debatten 2) Startbijeenkomst raad/college/jongerenwerkers	Gemeenteraad	Raad/college/Jongerenwerk	1) Derde kwartaal 2018 2) Tweede kwartaal 2019
<b>Communicatie gemeente</b>	De communicatie tussen raad en college, en gemeente met de inwoners bespreken	Startgesprek/Heidag over communicatie raad en college Gekoppeld aan het gesprek over democratische vernieuwing bespreken communicatie	Gemeenteraad	Griffie	Tweede kwartaal 2018

Titel	Inleiding	Soort document/actie	Initiatief van / eigenaar proces	Actie door	Wanneer
		gemeente en inwoner/het betrekken van inwoners, waarbij bijzondere aandacht voor het digitaliseren van de dienstverlening aan de inwoners in de breedste zin			
<b>Vergadercultuur/ Vergaderstructuur gemeente</b>	Bespreken interne vergaderstructuur, ter overweging van de huidige structuur en cultuur en de plaats van de inbreng door inwoners hierin	Bespreekstuk	Fractievoorzittersoverleg	Griffie	Tweede kwartaal 2018
<b>Evenementen</b>	De procedure voor de aanvraag van evenementen tegen het licht houden	Notitie	College	College	Vierde kwartaal 2018

## Programma 2 Ruimte

Titel	Inleiding	Soort document/actie	Initiatief van / Eigenaar proces	Actie door	Wanneer
<b>Klimaat-paragraaf</b>	Integrale duurzaamheid agenderen in het kader van de afspraken tot 2030	Startdocument c.q. visiedocument op basis waarvan de raad kaders kan gaan stellen en het college kan verantwoorden. Het gaat dan o.a. over afbouw gas in bestaande en nieuwe woningen,	Gemeenteraad	College	Tweede kwartaal 2019





Titel	Inleiding	Soort document/actie	Initiatief van / Eigenaar proces	Actie door	Wanneer
		dorpsmolens, gaswinning			
<b>Woonvisie</b>	Woonvisie gemeente De Fryske Marren opstellen door een interactief proces	1) Evaluatiedocument huidige woonvisie 2) Startnotitie over de aanpak van de totstandkoming van een nieuwe woonvisie Onderwerpen in ieder geval: Bouwen bij de kernen, woningen voor starters, demografische ontwikkelingen en het regeringsbeleid in het kader daarvan	Gemeenteraad	College	1) Tweede kwartaal 2018 2) Vierde kwartaal 2018
<b>Groenbeleid</b>	Verslaglegging stand van zaken Groenbeleid, incl. bermenbeleid, gevolgd door een perspectiefnota voor de periode na 2020	1) Evaluatiemomenten met verslag aan de gemeenteraad 2) Perspectiefnota	Gemeenteraad	College	1) Met regelmaat 2) Derde kwartaal 2020
<b>Verkeersknelpuntennota</b>	Nota waarin onveilige situaties in DFM worden beschreven, met investeringskostenplaatje. Daarbij extra aandacht voor verkeersveiligheid rondom scholen en op fietspaden	Knelpuntennota	Gemeenteraad	College	Vóór kadernota-behandeling 2018
<b>Aquaduct</b>	Burgemeester en wethouders bijveren zich,	Periodiek verslag aan de gemeenteraad	College	College	Continu

Titel	Inleiding	Soort document/actie	Initiatief van / Eigenaar proces	Actie door	Wanneer
	met GS van de Provincie, richting het Rijk voor de realisatie van een aquaduct in de Skarsterrien				

### Programma 3 Economie

Titel	Inleiding	Soort document/actie	Initiatief van / Eigenaar proces	Actie door	Wanneer
<b>Werk en economisch beleid</b>	Onderzoek stimulering van de economische ontwikkeling en het scheppen van werk. Daarin meenemen een inventarisatie van de mogelijkheden voor een goede overlegstructuur tussen belangenorganisaties en de gemeente	Startnotitie Economische ontwikkeling en werkgelegenheid	Gemeenteraad	College	Vóór kadernota-behandeling 2018
<b>Ontwikkeling recreatie en toerisme</b>	Onderzoek doen naar de stand van zaken van de ontwikkelingen op het gebied van recreatie en toerisme in de gemeente De Fryske Marren en haar samenwerkingspartners	Inventarisatiedocument  De nieuwe Visie Tsjúkemar in de recreatievisie meenemen	Gemeenteraad	College	Eerste kwartaal 2020





#### Programma 4 Leefbaarheid en onderwijs

Titel	Inleiding	Soort document/actie	Initiatief van / eigenaar proces	Actie door	Wanneer
<b>Jeugdbeleid</b>	Evaluëren van Jongeren-/welzijns werk DFM	Evaluatie-document	College	College	Vierde kwartaal 2019
<b>Onderwijs</b>	In de kader van leefbaarheid en onderwijs de gevolgen kleine scholen en het verdwijnen daarvan in met name de kleine kernen onderzoeken	Startnotitie hoe dit onderzoek (interactief met de inwoners en andere belanghebbenden) tot stand kan komen	Gemeenteraad	College	Tweede kwartaal 2019
<b>Ontwikkelen cultuurbeleid</b>	Tot stand brengen van een visie op de cultuur in de gemeente De Fryske Marren	1) Uitvoeringsprogramma Cultuur evalueren 2) Cultuurnota aanpassen	Gemeenteraad	College	1) Derde kwartaal 2019 2) Tweede kwartaal 2020
<b>Ontwikkelen sportbeleid</b>	Tot stand brengen van een visie op de sport in de gemeente De Fryske Marren	Sportnota	Gemeenteraad	Gemeenteraad en college samen	Eerste kwartaal 2019

#### Programma 5 Sociaal domein

Titel	Inleiding	Soort document/actie	Initiatief van / eigenaar proces	Actie door	Wanneer
<b>Zorg en participatie</b>	Een visie ontwikkelen over Mantelzorg-/vrijwilligers-beleid, rekening houdend met de demografische ontwikkelingen en	Visiedocument	Gemeenteraad	College	Derde kwartaal 2019

Titel	Inleiding	Soort document/actie	Initiatief van / eigenaar proces	Actie door	Wanneer
	de zorg voor de mantelzorgers				
<b>(Evaluatie) Sociaal domein</b>	Vanuit de zorg voor een goed en betrouwbaar beleid, wil de gemeenteraad grip houden op het sociaal domein	1) Inventarisatie-document 2) Periodiek verslag aan de gemeenteraad met financiële verantwoording	Gemeenteraad	College	1) Vierde kwartaal 2018 2) Continu

